

## JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2011 - 2012

### **Bestjoer:**

Gearstalling en roaster fan ôftreden (fjouwer jier is de termyn en men kin ien kear werbeneamd wurde):

2012	Warner Veltman	FFF	2014	Liuwe Westra, Foarsitter	KFS
2012	Toos Reichman	Beriedsgroep Earetsjinst	2014	Piet Miedema, Ponghâlder	KFS
2013	Douwe Gerbens	KFFB	2015	Eelke Goodijk (werbeneamd)	FOW
2013	Tytsje Hibma, Skriuwer	YKFE		+ Hinne Wagenaar (adviseur)	

Der hawwe 6 bestjoersgearkomsten west, op 11 maaie, 7 septimber, 11 oktober, 22 novimber, 18 jannewaris en 13 maart.

### **Jiergearkomste 2 april 2011 yn Akkrum**

It tema wie: Wat sille wy sjonge !? - Underweis nei Lieteboek 2012.

Mei in liturgyske iepening en sluting yn tsjerke, in ynlieding fan Jan Breimer (adviseur redaksje Lieteboek 2012), sjonge û.l.f. Bob Pruiksma en Geart v.d.Heide en petear en útwiksling oer wat men sjongt / sjonge wol en oer de fraach oft der ek in Fryske tajefte of in Fryske fariant op it Lieteboek 2012 komme moat.

### **Dielnimmende organisaasjes**

Der binne no 21 dielnimmende organisaasjes fan Krúspunt:

Beriedsgroep Earetsjinst enTsjerkemusyk	Kerkvoogdij Westerwert
Dep. Fryske Earetsjinsten Griff. Tsjerke (frijm.)	KFFB
Ferbân fan Fryske Foargongers	Krite Gemma van Burmania
FOW - Dongeradiel	Nederlânsk Bibelgenoatskip (NBG)
FOW - FOET Súd West Fryslân	Nijkleaster
FOW - Itens	PKN Frentsjer webstee
Fryske Oekumenyske Wurkferbannen	Raad van Kerken in Fryslân
Greidhoeke-tsjerkedei	Tsjerkepaad
Hânsume Help	YKFE
Intrada Muziekuitgave	Yntersjerklike Komm. Fryske Fespertsj.Ljouwert
Japikspaad	

### **Webstee**

De rubryk nijsberjochten wurdt al aardich brûkt, mar it kin noch folle mear. Benammen de Greidhoeke-tsjerkedei, it Keppelfeest en de klassikale sjongjûnen op wei nei Lieteboek 2012 krigen omtinken. Ek it sammeljen fan Fryske lieten foar in evt. Fryske tajefte of in eigen Frysk Lieteboek wie in belangryk ûnderdiel. It foarum wurdt noch net in protte brûkt. Der binne sa'n 200-250 besikers yn 'e moanne (om de Greidhoeke-tsjerkedei hinne 450 besikers).

### **Utwiksling**

Neist de ynformele útwiksling troch bestjoersleden, hawwe der dit jier in tal spesjale kontakten west: - kontakt mei Ried fan de Fryske Beweging en YKFE oer betinking Kneppelfreed - kontakt mei YKFE en Beriedsgroep Earetsjinst oer klassikale sjongjûnen - oerlis mei YKFE oer Lieteboek 2012 en evt. Fryske tajefte (in kommisje is no dwaande om, eigen en oerset, Fryske lieten yn te sammeljen; oanmelding fia it webstee) - presintaasje op gearkomste fan Wurkferbannen en KFS krite Burgum - kontakt mei ISK oer Fryske lieten / oersettingen yn Lieteboek 2012 - ferslach op in gearkomste fan de Rie fan Tsjerken. De yntersjerklike útwiksling en in enkête oer it brûken fan it Frysk yn de tsjerken krijt spesjaal omtinken op de kommende jiergearkomste.

### **Aktiviteiten en ideeën dy't om útwurking freegje**

- nije CD mei Taizé-lieten (en b.g. Wylde Goes)
- oerset-service (kontakt mei Afûk / Gysbert Japixhûs)
- Krúspunt presintearje op de Ynspiraasjebeurs ensfh.
- kontakt mei en materiaal foar skoallen
- berneliet fan 'e wike op Krúspunt
- nijsjager foar it webstee oanstelle
- tsjerkeblêd foar hiel Fryslân

### **Publisiteit**

Op de foarige jiergearkomste binne nammekaartsjes fan Krúspunt útdield. Organisaasjes wurde útnoege om dielnimmende organisaasje te wurden. Binnen de 7 Fryske klassen fan de PTN (Prot. Tsjerke yn Nederlân) binne kontaktpersoanen dy't berjochten trochjouwe. KFS leden wurde frege om stipers fan Krúspunt te wurden. Der kin noch mear dien wurde oan werving fan stipers / dielnimmende organisaasjes, benammen rjochting de pleatslike tsjerken.